


De Twirre



juny 2022



Freonen Fryske Kultuer, Fryske krite yn Twente

De Twirre, 39e jiergong nr. 2: juny 2022. De Twirre is it fearnsjiersblêd fan de krite Freonen Fryske Kultuer út Twente. Kopij foar it kommende nûmer graach foar 1 septimber by de redaksje.

Bestjoer Freonen Fryske Kultuer

Foarsitter	Siebe Hiemstra totzondag@gmail.com	till.	0546 - 840 484
Skriuwer	Auke Hoekstra Barmntlo 18, 7161 KH Neede a.hoekstra1@lijbrandt.nl		0545 - 29 2836
Ponghâlder	Pier Bergsma pu.bergsma1944@gmail.com		0546 - 57 57 30
Leden	Grieteke van der Veer gpydveer@gmail.com		074 - 291 8564
	Grietsje Posthumus grijshengelo@gmail.com		074 - 242 7217
	vakature		
Redaksje Twirre	Ali Bonhof, Reviusstraat 77, 7552 GH Hengelo lj.bonhof@gmail.com		

Webstek Frysk Boun om Utens: www.fryskbutenfryslan.frl

Lid fan de krite

Kontribúsje: 20 Euro yn 't jier. Foar in húshâlding 35 Euro. Rekkennûmer: NL08 INGB 0004 2915 44 op namme fan Freonen Fryske Kultuer.

Fryske siswizen mei “simmer”

- It is him mei in simmertwirre net oanwaaid (hat der in soad foar dien).
- De simmer komt der net yn (sein as by kâld waar de doar iepen stiet).
- Wat men by 't maaitiid sieddet, dat waakst yn 'e simmer.
- Ien swel makket noch gjin simmer.
- Fan 'e simmer yn 'e winter komme.
- De simmersokjes oan hawwe (op bleate fuotten rinne).

Belangrike data

tiisdei 6 sept. Kritereiske: Nei museum *De proefkolonie* yn Frederiksoord en in boattocht yn de omkriten fan Giethoorn. Priis: ûng. 60 euro. Start om 8.30 oere by Van der Valk yn Hengelo; werom 19.00 oere. Opjaan by Grieteke van der Veer: 074 - 291 8564 of 06 51 99 09 19 of gpvdveer@gmail.com

okt/nov? Kritejûn?

nov? Fryske tsjerketsjinst?

16 nov 2023 Frysk Boun om Utens bestiet 100 jier.

SimmerTwirre

In twirre is in draaiende ûnregelmjittige flapwyn, in dwarrelwyn. In simmertwirre is in simmerdeis waaiende twirre. Op in waarme simmerdei sjogge je wolris wat plukjes hea as in mini-wynhoas omheech dwarreljen; dat is ek in simmertwirre. Yn dizze SimmerTwirre dwarrelet jo nijs temjittite oer it kritereiske, de simmerevenminten yn Fryslân en noch it ien en oar. We hoopje op in moaie simmer foar elkien en tinke elkoar wer te moetsjen mei it reiske of by in oare aktiviteit fan de krite. It bestjoer

Wolkom nije leden

As nij lid fan de krite hat har opjûn: Hinke Verschuren - Prins út Enschede. Wy hoopje dat se it by ús nei 't sin ha sil. Graach oant sjen op ien fan ús aktiviteiten.



Simmer (Sipke Veenstra)

<i>sinne</i>	<i>boartsjende</i>
<i>loft</i>	<i>wolken</i>
<i>en greiden</i>	<i>spiegeljend</i>
<i>snilen</i>	<i>yn puollen</i>
<i>reid</i>	<i>fan wetter</i>
<i>en beammen</i>	<i>en ljocht</i>

Utstelde Jiergearkomste op 2 april

Nei de wênstige kofje of tee mei oranjekoeke en it Folksljet mei begelieding fan Hendrik Tel op syn hoarn, iepent foarsitter Siebe Hiemstra de gearkomste mei it gedicht Hofkesjonge. It liket derop dat alles no nei twa jier wer as fanâlds trochgean kin. Yn dizze twa jier fan de corona-pandemy kaam de Twirre wol hieltyd út. De makkers krije as tank in bosk blommen.

Fanwege corona by syn frou is de nije ponghâlder Pier Bergsma net oanwêzich, mar de jildsaken binne yn oarder en op de oare ferslaggen komt ek gjin kommentaar, al koe men it ferslach fan de jiergearkomste fan 2020 net werom fine. Twa froulju jouwe oan dat se net yn it bestjoer wolle, mar wol meitinke en meihelpe wolle, bgl. foar it byhâlden fan it ledenbestand.

Der binne wer plannen foar in kriteiske en der wurde ferskate ideeën foar it reisdoel neamd. De datum wurdt fêststeld op tiisdei 6 septimber.

Hoe komt it mei de Twirresjon-

gers? Der sil socht wurde nei in nije repetytsjeromte.

Nei it skoft krije we in dia-presen-taasje fan Piter Jan Borsch oer it Amelân. Hy docht dat ek yn it dialekt fan it Amelân, want op it eilân wurdt gjin Frysk praten. It eilân is ûntstien út trije hegere sânplaten (kogen) en is lange tiid selsstannich west. Op it eilân litte de commandeurswenningen fan kapiteins sjen dat de walfiskfangst yn it ferline in belangrike bron fan ynkomsten wie. Dat is ek te sjen op ôfbyldingen op âlde grêfstiennen.

De walfiskkaken waarden wol brûkt as hekwurk om 'e tún omdat der net folle beammen op it eilân stiene. Piter Jan fertelt ek oer de ramp mei de acht hynders fan de reddingsboat dy't yn de 90-er jierren omkaam binne, en oer it feit dat der alle jierren oan 'e westkant in stik fan it eilân ferdwynt by hurde wyn of stoarm, wêrom't der ek alle jierren wer nij sân opspuite wurde moat. In nijsgjirrich en moai ferteld ferhaal. □ Ali Bonhof



Kritereiske op 6 septimber

It kin wer! Wy wolle op 6 septimber in kritereiske organisearje. Wy hoopje dat it in leuk programma is. Der kinne ek net-leden mei.

We ride earst nei Frederiksoord wêr't we kofje drinke en dêrnei it museum "De Proefkolonie" besjen sille. Dêr wurdt it ferhaal ferteld fan de *Koloniën van Weldadigheid*. Tsjinwurdich is it Unesco Wrâld-erfguod. Gean sa'n 200 jier werom yn de tiid. Der wie doe in soad earmoede. Generaal Johannes van den Bosch hie in unyk plan en ûntwikkele de Koloniën van Weldadigheid, wêr't paupers út de steden in nije takomst fine koene. Op dit histoaryske plak stappe je yn de fuotspoaren fan de earste kolonisten en fernimme je it ûnferjitlike ferhaal yn in bysûndere multimediale tiidreis. Mei de koloanjetram geane we op ûntdekkingsstocht en sjogge we de koloanjuhúskes, it koloanje-tsjerkje, de kuormakkerij en de bosbou- en túnbooskoalle. Middeis ride we nei de omkriten

fan Giethoorn. Dêr brûke wy it breamiel en gean we yn in boat troch dit prachtige gebiet, om dêrnei werom te reizgjen nei Twente. De start is wer by Van der Valk yn Hengelo om 8.30 oere. We tinke dat we om ûngefear 19.00 oere werom binne.

De kosten foar dizze dei binne noch net krekt bekind, mar sille sa omtrint de 60 euro wêze. De priizen binne nei corona namentlik flink omheech gien. Dit betrefte de reiskosten, it iten, en de yntreekosten. Ha jo in museumjierkaart of in vriendenloterijkaart, nim dy dan mei!

Opjaan, leafst sa gau mooglik, mar graach foar 1 augustus, y.f.m. mei it reserwearjen.

□ Grieteke van der Veer, tel. 074-2918564 of mobiel 0651990919 of e-mail: gpvdveer@gmail.com

Betinkingsplaatsje foar "Pietske"

Us âld-lid Pietsje de Boer stoar op 21 jannewaris 2021. Se wie doe hast 90 jier. Yn de Pieter Breugelflat yn de Hengelose wyk Hengelose Es, dêr't se lang op de boppeste etaazje wenne hat, is yn maart in betinkingsplaatsje foar har oanbrocht. Pietske, sa as se troch de bewenners fan de flat en de minsken yn de wyk neamd waard, wie fan grutte betsjutting foar de bewenners. Se hat har o sa ynsetten foar it opknappen en renovearjen fan de flat en de wyk.

Putsjewike op de Folkshegeskoalle op Skylge

Wat is dat, putsjewike? Dan moat ik earst wat sizze oer de Folkshegeskoalle op Skylge. Dy is noch de iennichste yn it lân. Eartiids wiene der mear folkshegeskoallen, dy't alle gear subsydzje krigen, en wêr't je "foarme" waarden of in kursus folgje koenen. Wy ha ek wol op de folkshegeskoalle west yn St. Nyk en Bakkefean. Doe't de subsydzjes ophâlden, wie it dien mei de folkshegeskoallen, mar net op Skylge. Dêr ha se nea om subsydzje frege en se bestean noch wol! De Fryske folkshegeskoalle falt ûnder de Stifting Skylgeralân en wurket mei frijwilligers en sa min mooglik fêste krêften. Der wurde kursussen jûn, sa as: kursus Frysk foar oerheids-personiel, mindfulness, yoga, stilte-wykeinen, tekenjen en skilderjen, natoer, toaniel en sjongen. En de bernekampen yn de simmer. En no oer de putsjeploech. Dat is in fêste groep frijwilligers dy't elk jier yn maart fan moandei oant freed putsjes docht. Der bin wol in pear faklju by, sa as in skilder, timmerlju en in elektrisjên. De froulju bin meastentiids oan it skilderjen ûnder lieding fan de skilder, hy docht sels de muoilike dingen. De manlju dogge fan alles. Wy begjinne moarns om 8 oere mei it moarnsbrochje en om 10 oere kofje, om 12.30 lunsj, om 3

oere tee en om 6 oere it jûnsiten; in strak programma. Jûns sitte wy dan gesellich yn it bopperom by de iepen hurd, wêr't al it ôftanke hout yn ferbrând wurdt. We prate wat, sjonge Fryske ferskes by de lûkpûde en de dames organisearje in sjoelkompetysje. It bestjoer fan de stifting komt ek noch del om te sjen hoe 't it giet. Meast ha wy op tongersdei in gesellige jûn mei it personiel, de direkteur en bestjoer. Dan geane wy op freed mei de lêste boat wer nei hûs. Wurch en útteld mar tige foldien. Wy dogge dit no al 12 jier, twa jier net fanwege corona. Der is yn al dy tiid hiel wat opknapt en noch is der alle jierren in soad te dwaan. Fan de grutte sliepsealen (spesjaal noch foar de bernekampen) meitsje se hieltyd mear twapersoanskeamers en apparteminten. Dat ferkeapet in dizze tiden in stik better. Elk kin der ek wolris wat hiere, sa is der de toer, wêr't in bysûnder appartemintsje fan makke is. It is te folle om in hiel ferhaal oer it ûntstean fan de Folkshegeskoalle op de bunkers fan de Atlantikwall te dwaan. Sjoch derfoar de webside. En as jo ris op Skylge binne, sjoch dêr dan foaral in kear; jo binne tige wolkom. De putsjeploech wie ek te sjen by Hea, op Omrop Fryslân.

□ Groetnis, Hidde en Tia Walstra

De kriich

It sekjerinnen foar manlju fan boppe de fiifensechstich dienen mar twa oan mei. Willem fan Sjoeke en Brucht Kamstra. De feestkommisje woe dat ûnderdiel earst oergean litte. Dêr kamen dy beide manlju fûl tsjinop. Se hienen in gûne ynlein. As se der dan op stienen, fuort dan mar. It wie mar ienkear feest. Tegearre yn 'e baan. Ien stik folk efter de touwen. Brucht rekke foar. Dêrom hold er in bytsje yn, dat Willem him wer bykomme koe. Sa waard it in kamprit. Fuort wer. Brucht soe wakker hurd útein, mar rekke ûnder fuotten. Willem wachte salang. In soad sportlju koenen noch wat fan him leare. Brucht kaam oerein.

Doe mar wer fierder en wûn er it ek noch net? De tredde loop wie foar Willem, al skeelde it net folle. Doe nochris. Brucht sei: "In priis is moai, mar wy moatte der in hûdfol wurk foar dwaan. Dat ha ik al yn 'e rekken." Fan it begjin ôf gie it om priis en preemje, omt se mar tegearre wienen. De earste priis wie foar Brucht. In pûn tabak. Willem de twadde, in healpûn. Likegoed ek moai. Ut "Wat wie 't wat" fan Paulus Akkerman

Even puzelje

De oplossing fan de foarige puzel wie: Peins (de earste letters fan: plicht, elk, ien, naaid, sizzen). No mar wer in selde soort puzel. Jo moatte it ûntbrekkende wurd yn de hjirnei kommende siswizen ynfolje. De earste letters fan dy ynfolde wurden foarmje dan fan boppen nei ûnderen de namme fan in lyts doarpke yn it noarden fan de Waadhoeke.

Nocht en kinne folle tille.

Sân krommels is ek

Dêr is de fan wei.

De wrâld is , dy't him net rêdt, is slûch.

Eeke



Underweis yn Gaasterlân

It wie ein april en it soe in wykein mei moai waar wurde, mar wol mei aardich wat wyn. No, dan is Gaasterlân in goede bestimming om te fytsen. We hiene yn Riis in *bed en breakfast* (nee, gjin *bêd en brochje*, want ús gasthear en -frou sprutsen net in wurd Frysk). Hjirwei koene we ta de wyn yn toch noflik troch de bosken by Aldemardum fytse nei Sondel, oan dy tsjerke mei dat aardige tuorke ta.

En dan troch dat prachtige gloaiende lânskip nei de Iselmar kust. By grutte en lytse pleatsen del, hast allegearre mei dat tipyske Súdwest-Fryslânse ûleboerd: de reade snavel fan de swaan giet oer yn in halsbân om'e nekke. En mei sicht op in âlde poldermûne ûnder Nijemardum en in rige nije mûnen foar de elektrisiteit op de dyk om de



Noardoast-polder. We kamen by it baaiersplak De Hege Gerzen.

Dat hat in moai terras en sûnt 2020 steane dêr no ek de atributen fan Sybrandy's Speelpark, dy't út Riis wei derhinne ferhuze binne. Yn Riis koe dat net mear út en hjir is it yn de wykeinen (en troch de wike mei moai waar) iepen. It wie der no aardich drok; it strân wie noch ferlitten. Dan flak by de kust del nei in oar baaiersplak: ûnderoan it Mirnzer Klif, mei ûnderweis it sicht op de seilen fan de kite-surfers op'e mar achter de dyk. Fanôf it terras, mei in lekkere sorbet foar ús noas, koene we hielendal fan harren kaprioalen genietsje. Dan troch it bosk wer nei Riis: 30 km stie doe op myn teller.

De oare deis mei de auto op stap, nei it westen by de kust del. Even by't Laaksumer haventsje sjoen en by it Reaklif mei de dikke stien mei *Leaver dea as slaaf*. No wie Starum it doel; dêr stiet dochs ek in nije fontein, *De Fisk*, sûnt 2018? No, we fûnen dy ticht by it treinstasjon by de haven: gâns in grutte ljochtbrune fisk en it wetter spuite út syn ûnderlippe. It byldsje fan it wyfke fan Starum, dat dêr ek by de brêge stiet, kin wol rjochttop yn syn bek stean.

No ek noch mar even by de nije fontein yn Hylpen, *Flora en Fau-*

na, sjen. Dy is ynspirearre op it stedswapen: in beam tusken 2 herten. De Sineeske keunstenares hat eksoatysk kleurde fûgels yn in beam set en op de grûn leit in útfergrutte houten gewei. Ast op dat gewei sitten giest, sjochst en hearst de wetterspuiende fûgels mei-inoar “praten”. Dochs moai op dat stille

plakje by de tsjerke. En noch in lêste berjochtsje út de Tubantia oer Gaasterlân: keunstrûte Gaasterland bestiet 10 jier en no dogge op de earste snein yn’e moanne 9 keunstners de doarren fan harren atelier iepen.

Sjoch: kunstroutegaasterland.nl

□ Eeke de Boer

Sân terpen

Hiel lang lyn fertelde ús master op ’e legere skoalle oer in bysûndere link tusken Jerusalem, Rome en ús doarp De Ryp. Doe ’t ik in tydsje lyn in tsjerketsjinst fersoargje moast yn it doarp wêr’t ik hikke en tein bin, frege ik de minsken of ’t hja wisten fan dy link. Nee, hja wisten fan neat. De bern fan doe wiene it fêst ferjitten en de master is lang lyn stoarn. Ik fertelde fan de o sa bysûndere link: Jerusalem is boud op sân bergen, Rome is boud op sân heuvels en De Ryp is boud op sân terpen! Fjirtjen dagen letter wiene de huzen op ’e Ryp al twa kear sa djoer. □ Siebe H. Hiemstra

Oer in protter (Doeke Miedema)

*Mank in swarm protters, siet ien protter,
men seach daliks wol, dat wie gjin wrotter.*

*Alhiel weidûkt in de fearren,
like hy der net by te hearren.*

*De oaren makken grut kabaal,
soks bart yn eigen prottertaal.*

*Mar dizze protter wie net bliid,
't Wie krekt as koe se it aai net kwyt.*

“Wat deale,” sei ien fan syn maten,

“Kinst net in pypfol mei ús prate?

Wat hasto mei dyn frjemd gesnotter?

Moast net sa’n protte protsje, protter!”



Eveneminten yn Fryslân: simmer 2022

Skûtsjesilen SKS

- 30 july Grou (start)
- 1 augustus De Feanhoop
- 2 augustus Earnewâld
- 3 augustus Terherne
- 4 augustus Langwar
- 5 augustus Ealehuzen
- 6 augustus Starum
- 8 augustus Wâldsein
- 9 augustus De Lemmer
- 11 augustus De Lemmer
- 12 augustus Snits (finale)

Keatsen

- 2 july Straatkaatsen Ljouwert
- 3 augustus PC Frensjer (manlju)
- 10 augustus Freulepartij Wommels
- 24 augustus PC Weidum (froulju)

Wettersport algemien

- 16 - 16 july Fiskerijdagen Starum
- 5 - 11 augustus Snitswike
- 25 augustus Gondelfeart Balk
- 26 augustus Gondelfeart Aldeboarn
- 31 augustus - 3 septimber Fiskerijdagen Harns
- 16 - 20 oktober Fiskerijdagen, Strontrace en Liereliet, Warkum

Oare festiviteiten

- 10 - 19 juny Oerolfestival op Skylge
- 22 - 25 juny Heamielfestival Boalsert
- 29 july - 1 augustus Feanhoopfestival
- 27 july Boerebrulloft De Jouwer
- 20 - 24 july Fryske Ballonfeesten De Jouwer
- 16 en 17 septimber Gondelfeart op tsjillen Droegeham
- 22 - 24 septimber Flaijelfeest yn Ald- en Nijhoarne
- 7 oktober Bolletongersdei Boalsert

Skûtsjesiles IFKS

- 13 augustus Hylpen
- 14 augustus Starum
- 15 augustus Heech
- 16 augustus Sleat
- 17 augustus rêstdei of ynheldei
- 18 augustus Ychtenbrêge
- 19 augustus De Lemmer
- 20 augustus De Lemmer (finale)



Fierljeppen

3 septimber - Nederlânsk kampioenskip, Linschoten

Iepenloftspullen

Easterwierrum Berne iepenloftspul “Troch de Raarder Bosk” 16 - 24 jun

Dronryp “Wraak en gewisse; de fusillade op 'e Ryp” 17 juny - 2 july

Aldwâld “Peer Gynt” 24 juny - 3 july

Blauhûs “Vinea Domini Sylkampen” 22 juny - 2 july

Snakkerbuorren “Nei Man” 29 juny - 9 july

Oerterp “Leafde” 17 en 18 juny

Wyckel “De bile yn Wicklewood” 17 - 24 juny

Ketlik-Mildaam “Blau bloed” 30 juny - 2 july

Bakkefean “Ik arriveer/ik kom oan” 1 - 3 july

Friens “Godlike Komeedzje 2.0” 2 - 10 july

Jorwert titel en ynhâld noch net bekend. Premjêre op 3 septimber.

Spanga, it Verona van Weststellingwerf: “After the Flood” 1 - 10 sept

Hoe sjocht in bern syn heit?

4 jier: Dy heit fan my kin alles.

7 jier: Myn heit wit in soad, in hiel soad.

9 jier: Heit wit ek net alles.

12 jier: No ja, dit wit heit fansels ek net.

15 jier: Dêr wit dy âld hear fan my fansels neat fan.

17 jier: Och dy man is út de tiid, wat soe 't oars?

21 jier: Hy wit der dochs wol wat fan, mar lang net alles.

25 jier: Toch ris harkje wat heit der fan seit.

30 jier: In bytsje geduld; earst heit syn miening ris freegje.

35 jier: Wat soe heit der fan tinke? Hy wit noch al folle.

50 jier: Heit? Hy wit no beslist alles.

60 jier: Ik woe wol graach dat ik der nochris mei heit oer prate koe.

Ljirre

Wy kenne de spreuk: “Bûter, brea en griene tsiis, wa't dat net sizze kin ...” Mar wa kin dit yn 't Frysk sizze: Roodgerookt rookvlees van een twee-jarige koe? “*Read rikke rjirre ljirre.*”

Nijs út Fryslân

Piet Paulusma stoarn. Op 20 maart is waarman Piet Paulusma stoarn yn de âldens fan 65 jier. Hy die mear as 36 jier it waar by Omrop Fryslân. Earst foar de radio en letter ek foar de televyzje. Hy krige lânlike bekendheid doe 't er ek wurke foar SBS en letter foar Omrop Max. Hy einige syn praatsje altyd mei de wurden: "*Oant moarn, tot morgen*". En by Omrop Fryslân: "*We moatte moarn mar wer even yn it waar sjen*". Piet Paulusma wie al in skoft slim siik, mar dat wie by it publyk eins net bekend. Syn dochter Martsje foel de lêste jierren wolris foar him yn.

Bosk. Op 7 maaie is it kulturele projekt Arcadia útein setten op it stationsplein yn Ljouwert mei it ûnderdiel *Bosk*, 1200 beammen binne yn grutte bakken op tsjillen set en wurde 100 dagen troch lûkende en triuwende frijwilligers nei oare plakken yn Ljouwert brocht. Dit kuierjende Bosk moat trochbouwe oan de dream fan Joop Mulder. "*Ast net benaud bist foar dyn dreamen, dan binne se net grut genôch.*" Dat wie it biedwurd (devies) fan Joop Mulder, dy't ferline jier ferstoar. In kuierjend bosk mei mear as tûzen beammen, wie it lêste wêr't er fan dreamde. Bosk is ûnderdiel fan "Arcadia", in soarte fan opfolger fan Kulturele Haadstêd 2018. Hûndert dagen lang is der yn hiel Fryslân in soad te belibjen op it mêd fan Kultuer.

Titus Brandsma hillich ferklearre. Op 15 maaie is Titus Brandsma "hillich" ferklearre troch de Paus. Titus waard berne yn de omkriten fan Boalsert. Op de leeftyd fan 17 jier gyng er al yn in kleaster fan de Karmeliten. Hy waard sjoernalist en letter ek dosint oan de Universiteit fan Nijmegen. Fanôf de jierren 30 fersette er him iepenlik tsjin it opkommende nazisme. Yn 1942 waard er troch de Dútske besetters oppakt en nei Dachau brocht. Hy wie yn it kamp in grutte stipe foar de oare finzenen, oant er sels stoar fanwege de minne omstannichheden en mishandelingen. Titus waard yn 1985 al "sillich" ferklearre. Omdat der ek in wûnder oan him taskreaun wurdt, koe er no ek hillich ferklearre wurde. Dat wûnder bestiet der út dat in Amerikaanske pater better wurden is fan kanker, nei't er in stik klean fan Titus oanrekke hie en folle gebeden oan him rjochte hie. It museum De Tiid yn Boalsert wol fanôf 26 july in tentoanstelling hâlde oer de hillige Titus Brandsma. De oprop fan it museum om guod binnen te heljen foar de tentoanstelling docht fertuten. Minsken komme mei krankeknipsels en foto's en sels in stik fan syn jas. Se binne ek op syk nei bysûndere ferhalen oer Titus. □

Friesendroapen op Helgolân

In bûnt selskip fan Nederlânske en Dútske Friezen kaam yn it wykein fan 21/22 maaie nei Helgolân foar it tradisjonele *Friesendroapen*. By dat treffen wurdt praten oer de ferskate Fryske talen en de swirrichheden. De Noardfriezen sitte yn noed oer it Frasch



op skoalle en fregen dêr oandacht foar. By dit Friezentreffen is de Fryske film *Stjer* fertoand. Dat wie ek de premjêre fan dizze nije aksjekomeedzje. Der wiene by it treffen ek ferskate folkdûnsselskippen út Noard-Fryslân, de Frysktalige enklave Sealterlân by East-Fryslân en út “ús” Fryslân. Dy Dútse selskippen binne, yn ferliking mei de Fryske dûnsers, frijwat jonger. Yn ús Fryslân wurdt de tradysje bedrige.

It folkdûnsjen yn Frysk kostuum driget op termyn te ferdwinen. De jongerein hat gjin nocht oan de tradisjonele Skotse Trije en Hakketone en de oerbleaune dûnsers wurde hieltyd âlder. De skotsploegen fan Ljouwert, Boalsert en it Amelân binne al opholden.

Omt ferskate pleatslike ferienings al opholden binne, hawwe de oerbleaune aktive dûnsers har feriene yn *De Fryske Dûnsers*.

Dit selskip fan 20 dûnsers út hiel Fryslân, fan Skylge oant Hylpen, kaam dus foar it earst yn trije jier tiid ferskate kearen yn aksje op it Dútske eilân.

Kwelderlân

(Joke Veenstra - Veenstra)

*Sjochch ris.....rûnom
lân fan swiet en sâlt
sa grut, sa wiids en dochs
mar in stipke op 'e wrâld.*

*Lân fanslykgravers,
fan fûgels, bisten en blommen
Fan rêst en romme loft
in plak om te ferstommen*

*It Fryske Gea hjit jim hjir wolkom
yn dit lege lân efter de dyk
natuer en kultuer
foar dyen it grutte publyk.*

(advertinsje)



FRI
ESM
USE
UM

It Fries Museum giet oer Fryslân en de Friezen. Oer de alve stêden en it plattelân, de haat-leafde ferhâlding mei it wetter, de syktocht nei it typysk Fryske en it plak fan Fryslân yn de wrâld. Mar ek oer de ûnderlizzende wearden, autentisiteit en eigensinnigens. De kolleksje fan it museum is it útgangspunt: it swurd fan Grutte Pier, âlde kostúms, boaiemskatten út de Fryske terpen, de neilittenskip fan Mata Hari, skilderijen fan Gerrit Benner, hjoeddeistige byldzjende keunst en de film De Overval: mei-inoar fertelle se it ferhaal fan Fryslân.

iepeningstiden

tiisdei o/m snein 11.00 - 17.00 oere

besykadres

Fries Museum, Wilhelminaplein 92, Ljouwert

Sjoch foar in kompleet oersjoch fan ús aktiviteiten en tentoanstellingen en foar ús foardielige arranzjeminten op op www.friesmuseum.nl.

De Bolwurken fan Dokkum

Dokkum hat syn Bolwurken nea nedich hân om in fijandige oanfal ôf te slaan. Mei dêrtroch hearre se no ta de bêst bewarre stêdswâlen fan Nederlân. De wâlen fan it Bolwurk omslute de seiskantige âlde stêd fan Dokkum, mei op alle seis punten in bastion. De wâlen binne 5,5 meter heech, de grêft deromhinne mear as tweintich meter breed. Doe't de ypesykte de beammen op de bolwurken siik makke, kamen der linebeammen foar yn 't plak. Allinnich op it Noarderbolwurk stean noch in pear earbiedwaardige âlde iperenbeammen. Yn in healoere tiid kinne je oer de bolwurken om âld-Dokkum hinne rinne.

Je komme dan lâns de 19e-ieuse nôtmoles De Hoop en Zeldenrust en lâns it plak dêr't simmers in soad plezierjachtsjes oanlizze. Je sjogge de tsjerke-tuorren fan de stêd en it wite tuorke fan it stêdhûs mei it kariljon.

Op freedtejûn wurdt it kariljon noch altyd bespile en alle jûnen om fiif foar tsien liede de klokken om oan te jaan dat de poarten fan de stêd sluten wurde moatte, ek al binne dy poarten sels al lang ferdwûn.

□ Annemarie Bergfeld: "200 Plekken in Friesland die je echt gezien moet hebben"

Kâlde fakânsje

Sieds en Foekje meitsje in tocht yn Noarwegen. Te foet mei de rêchsek en sliepe yn blokhutten. Se binne ferloofd mar op de âlderwetske manier. Op in dei komme se middeis wer by in blokhut, Sieds makket wat fjoer en Foekje wat iten. It wie al in kâlde dei en it wurdt mar kâlder, kinne se binnen wol fernimme. Mar net te let yn'e sliep, betinke se. Der is ien bêd en in striematras mei sliepsek. Foekje sil mar op it bêd en Sieds krûpt yn'e sliepsek. Nei in kertier begjint Foekje: "Sieds, wat bin'k kâld!"

Sieds oerein en hellet noch in tekken en leit dy oer har hinne. "Och Sieds, wat bisto in fijne fint." In hoartsje letter, Sieds slûget al wat, komt Foekje wer: "Sieds, ik bin noch hieltyd sa kâld." Sieds wer der út en hellet noch in tekken foar Foekje en jowt him wer del.

Eefkes letter: "Sieds, ik bin hieltyd noch sa kâld."

Sieds giet oerein sitten: "Foekje, hoe soesto it fine as wy foar ien dei dogge oft wy al troud binne?" Dat stiet Foekje wol oan: "Oh Sieds, dat liket my skoan, sille wy dat dwaan."

"Moai," seit Sieds. "Dan paksto no sels mar in tekken."

Resept

Tagliatelle mei rjemmesaus

400 gr tagliatelle; 125 gr crème fraîche; 400 gr kastanjesjampinjons; 150 gr rauwe ham; 1 sjalotsje; 1 tean knyflok; in hantsjefol platte peterseelje; klûntsje bûter; piper en sâlt út 'e mole.

Bring in grutte panne wetter met wat sâlt oan 'e soad foar de pasta en sied de pasta "beetgaar". Snipperje ûnderwilens de sjalot en de knyflok. In klûntsje bûter yn 'e pankoekspanne rane litte en de sjalot en de knyflok hjir súntjes yn fruitsje. De sjampinjons yn plakjes snije en ek yn de koekepanne dwaan. Al omskeppend op wat heger fjoer brún en gear bakke. De pîterselje fyn hakselje en healwei derby struie, mei in bytsje sâlt. Snij de rauwe ham in reepkes en rier dat tegearre mei de crème fraîche troch de sjampinjons. Lit alles goed hyt wurde. De pasta ôfdreagje en alles yn de grutte panne goed trochinoar rierde. Mei in bytsje fan it wetter wêr't de paste yn sean is, wurdt alles noch wat smeuiger. Ofmeitsje mei piper út de mole.

□ Oernommen út "Het grote zónder pakjes of zakjes kookboek"

Tiden hawwe tiden

"Het doel is hierin aan bezoekers te schenken dranken zondere alcohol."
De blauwe tinten hat der fjouwer simmers (1916 - 1919) stien.



Boekenijs

Monterosso mon amour, Ilja Leonard Pfeijffer en Jetske Bilker.

Monterosso mon amour is in ferhaal oer it belang fan ferhalen. En tagelyk is it in oade oan de anonieme minsken dy't it literêr bedriuw geande hâlde, lykas boekhannelers, bibleteekwurkers en organisatoren fan lêzingen. It boek wie dit jier it Boekewikegeskink. De Fryske fertaling is fan Jetske Bilker.

Damje mei ome Hajo, Hajo Talma is in frijgesel en in âld-SRV-man, dy't al syn frije tiid besteget oan't lêzen fan de bibel. De roman giet oer it opgroeien yn 'e Wâlden. De tiidsgeast fan de jierren 70 en 80, de sfear en de ûnderkuolle humor komme yn dizze roman dúdlik nei foaren. *Priis: 15,00.*

Achterlik Fryslân, Douwe Kootstra. In seleksje fan kollums dy't Douwe Kootstra earder skreaun hat foar it Fryske Gea tusken 1999 en 2016. *Priis: 2,50.*

De masine, Jan Minno Rozendal. It boek giet oer Johan Wardenier, dy't yn maart 1934 oankundige dat er in motor útfûn hie, dy't net folle brânstof nedich hie. Foardat er dy motor demonstrearje koe, waard er troch in oantal goed yn it pak sittende manlju yn in djoere auto meinommen. Syn masine waard ek ophelle en Wardenier waard in skoftsje opnaam yn in psychia-

tryske klinyk yn Grins. Wardenier sei dêr letter oer dat Philips der achter siet, mar der giene ek ferhalen rûn oer oaljebaronnen. It is it begjin fan de mythe oer it libben fan Wardenier. *Priis: 18,50.*

Alde leafde. In tsiental briefwikselingen, skreaun tusken 1941 en 1971, troch minsken út ferskate plakken yn de provinsje. De bondel giet oer âlde leafde mei alles wat der by hearde; hoopfolle ferwachtingen, hertstocht en ferriet, wanhoop en ûnwennigens, gelok en blydskip. *Priis: 22,50.*

Maia en har freonen, Larysa Denysenko. In bekend Oekraïens printeboek is fertaald yn it Frysk troch Tialda Hoogeveen. De boadskip fan it boek is dat bern har feilich fiele kinne moatte, in tema dat no ekstra sintraal stiet. De opbringst fan it fertaalde boek giet nei UNICEF Oekraïne, sadat mei it jild Oekraïenske bern holpen wurde kinne. *Priis: 10,00.*

Al mijn moeders, Anita Terpstra. Skriuwster Anita Terpstra wist dat har pake en beppe út De Harkema kamen, mar kaam troch in feondinne pas op it idee om ris op syk te gean nei de eftergrûn fan har foarâlden. Anita woe witte wêrom't har famylje sa lang yn earmoede libje moatten hat. Nederlânstalich. *Priis: 22,99.* □ Ali Bonhof

Witte jo dat

- De Ljouwerter Blomkemerik nei trije jier werom wie op Himelfeartsdei? It is ien fan de grutste blommemerken fan it lân en bestiet al 300 jier.
- Yn AquaZoo, it bistepark by Ljouwert, no ek 2 Siberyske tigers te sjen binne? Se ha dêr in libbensromte fan 5000 fjouwerkante meter mei grotten, wetterfal, rotsen en heuvels.
- Der yn 'e Stellingwerven in wolvepear him settele hat en dat dêr yn maart 35 skiep deabiten binne?
- De demonstraasjes fan de roeireddingboat Secretaris Schumacher út 1900 op Skylge dizze simmer net troch geane? Der binne 12 Fryske hynders foar noadich en der binne no noch mar seis fan beskikber.
- De provinsje Fryslân de *Grutte Pier priis* al jierren ferjitten hat út te rikken? It is in yn 2015 ynstelde priis foar basisskoallen dy't goed dwaande binne mei de Fryske taal.
- De glêzen pyramide Aeolus by Seisbierrum tsjin de flakte gien is? Op it plak fan dit eartiidske (wyn)boarterspark komme no 24 wenningen.
- De Stichting Stellingwarver Schrieversronte, mei sa'n 750 leden, 50 jier bestiet? Elke hjerst wurdt der noch in sutelaksje holden; de topper is dan de Stellingwarver Spreuke-kelender.
- It kritereiske op tiisdei 6 septimber is? Gau opjaan?
- Fan hokker plak der in foto efter op dizze Twirre stiet? De foarige kear hienen wy it Stokersverlaat yn de Compagnonsfeart by it eardere café Hulst oan de noardkant fan Appelskea.

Hofkesjonge

*Krûpend troch in droege sleat,
flústert Jan: Kom, 'k sjoch neat.
Skodzje do goed mei de beam,
dan bliuw ik der ûnder stean.*

*Wat is dat dêr..., sjoch in boerd!
Durk jong, domeny hat loerd...
Moast ris sjen je, wat dêr stiet:
Weet je dat God alles ziet?*

*Hé, no krije hja it benaud,
mar Durk is nei boppen klaud,
skuort it boerd nei ûnderen ta
en seit: Jan, no sil wy 't ha.*

*Dan skriuwt er mei balpoint-pen
sadat it dúdlik is te sjen:
't Is waar dat God alles ziet.
Maar... verklappen doet Er 't niet!*

fryske winkel

boek kado cd idee
skiednis taal kultuer
poëzij printeboek roman
dvd kreamkado keunst
kursus kaart sûvenir

Bûterhoeke 3, Ljouwert 058-2343070
www.afuk.nl yfno@afuk.nl

Frysk
tichtby

afûk

Echte Bakker Wouda Hengelo

- Lekkere
krentenwegge
- Fryske sûkerbôle
- Oranjekoeken



**Wouda
De Echte Bakker**

Hengelo

Winkelcentrum Hengelose Esch, tel (074) 291 30 58

Winkelcentrum Hasselo, tel (074) 277 36 09

Winkelcentrum Slangenbeek, tel (074) 250 46 63

